



'Nieuw Leven' drok yn't spier

[Begin pagina](#)
[English page](#)
[Engelum](#)
[Geschiedenis](#)
[Dorpsfoto's](#)
[Kerkklokken](#)
[Bewoners](#)
[Dorpsbelang](#)
[AED info](#)
[Verenigingen](#)
[Jeugdclub](#)
[De oude doos](#)
[Woningaanbod](#)
[Sponsors](#)
[K.v.Sla Raak](#)
[Museum](#)
[Fietsroute](#)
[Links](#)
[Archief](#)
[Redactie](#)
[E-mail](#)
[Gastenboek](#)





Toanielleafhawwers, Toanielselskip Nieuw Leven is al wer drok yn 't spier om foar jim it moaie toanielstik "Lêste Reis" op 'e planken te setten. It stik is in blijspul yn trije bedriuwen wêr't alle bestândielen yn oanwêzich binne om jim in noflike toanieljûn te besoargjen. De rezjy is dit jier in hannen fan Jan Deurholt út Ljouwert. Jan sil dit seizoen foar it earst by ús regisseurje, wer't wy alle bertrouwen yn ha. In nije regisseur betsjut ek dat der wer mei nije eagen nei de groep sjoen wurdt en dat der nije ideeën oandroegen wurde. Wy ha alle bertrouwen yn Jan en syn nije ynbring, en wy hoopje dat wy dit jier wer in leuk winterskoft ha sille.



Oer it stik, Lêste Reis:

Fjouwer minsken binne foar in koarte fakânsje yn in húske op Ibiza. It iene pear wurdt foarme troch in bekende akteur en syn frou. Sy hat har altyd skikt nei syn libben. It houlik fan it oare pear wie sa goed as oer, mar sy ha elkoar yn in benaude sitewaasje yn it fleantúch opnij de leafde ferklearre. Komyske foarfallen

wikselje elkoar ôf yn it fakânsjehûs. It stik spilet yn de tiid flak nei de moard op Pim Fortuyn. De yngrediïnten fan in prachtich stik fan Haye van der Heyden.



Sa't wy al seinen, echt in stik wêr't alle bestândielen yn oanwêzich binne foar in noflike toanieljûn en in soad wille.

Nijsgjirrich wurden? Kom dan op sneon 2 febrewaris of sneon 9 febrewaris 2013 nei Skerne Wibe yn Ingelum. Beide jûnen begjinne om 20.00 oere. De generale repetysje hâlde wy op tongersdei 31 jannewaris 2013, de oafang is dan 19.00 oere. Notear dizze data alfêst yn jim aginda!



De kaartferkeap start yn jannewaris. Yn it jannewarisnûmer fan Doarp en Sport en fia www.Engelum.com hearre jim noch fan ús by wa en wannear jim kaarten bestelle kinne.

Graach oant sjen op ien fan ús útfieringsjûnen yn Ingelum!!

It bestjoer.

Onze site wordt mede mogelijk gemaakt door:



[<<Terug](#)